Yn dizze edysje dit kear gjin frou oan it wurd... mar in man dy 't in soad mei froulju te krijen hat. De earste helte fan it seizoen sit der ynmiddels op en ek Mark syn fjoerdoop as trainer by de froulju fan SDS VR1. It giet mar goed mei de froulju, wy binne benijd hokfoar oandiel Mark dêr yn hat... en giene mei him yn petear.

Sûnt dit seizoen bist trainer by SDS VR1. Hoe is dit sa kaam?

Ferline jier ha ik mei de froulju fan VR1 in 'We are ONE' sessie hân. Doe ik ha ik in oantal kear de froulju traind en yn 'e kunde kaam mei alle froulju. Paul wie op dat momint noch lieder, mar die hie al oanjûn dat hy stoppe soe. Hy fûn dat it tiid wie foar immen oars en hat derby ek myn namme neamd. Ik haw dit yn earste ynstânsje ôfwezen, omdat ik sels wer fuotbalje woe. Ik seach it derneist net sitten training te jaan.

Yn de tarieding nei it seizoen waard dúdlik dat se noch hieltiten gjin trainer hienen. Doe sochten sy akút in trainer. Ik woe se op dat momint wol út de brân helpe, troch earst mei de froulju de bekerwedstriden yn te gean. Ik wol earst sjen hoe de groep der yn stiet en in 'feeling' krije mei de groep. Mar it befoel goed en sa bin ik by dizze enthousiaste froulju bleaun.

Hjirfoar wiest assistint-trainer by it 1e fan 'e manlju. Hat dit ek noch meispile yn dyn kar foar trainer?

Dit hat seker meispile. Ik ha ferline jier in prachtich twadde seizoenshelte meimakke mei Robert en de mannen fan it 1^e. We ha in hiele goeie serie delsetten en in protte punten binnen helle. Dat betsjutte dat we mei ús allen yn 'e tredde klasse bliuwe koenen.

Ik kaam er doe efter dat ik op de sydlâne ek in yntense ûnderfining mei fuotbal ha kin. Je ha in oare ferantwurdelijkheid as in spiler. Dêr kin ik myn fisy en myn aai seker yn kwyt. Sa bin ik der efter kaam dat ik as trainer wol oan de slach wol en dit mei ik dwaan by de froulju.

Hokfoar trainer bisto?

Ik fyn mysels in trainer/koach dy yn earste ynstansje heart nei wat de groep wol. Foaral yn it begjin hear ik graach fan 'e groep wat sy wolle, wat hun ambysjes binne. Dernei sjoch ik nei it 'materiaal' wat ik ta myn beskikking ha, wat kinne de spylsters? Nei oanlieding dêrfan meitsje ik myn beslút hokfoar styl ik oanhâld. Earst ha ik my rjochten om it organisatarysk goed del te setten en fanút dêrút nei it fuotbal te sjen. Goed stean gear, dêr draait it om. Wy ha dêr ideale spylsters foar. Snelheid foaryn, snelheid op'e backs en fanút de as probearje te fuotbaljen.

As trainer haw ik sels in dúdlike fisy op fuotbal, it leafst presje nei foaren, in protte enerzjy yn 'e wedstryd goaie, striid, beweging yn 'e ploech en opbouwe fan efterút. Mei in groep froulju moatte je ek realistysk wêze en op basis dêrfan in basis-spulsysteem ûntwikkelje. Mei dizze groep froulju slagget dat trochdat se sels ek ynbring hawwe hjiryn. Sy litte ek fan harren heare wat sy fine en wat wy dogge.



Hoe is de gearwurking mei Jacomien?

Ja, Jacomien is fantastysk! Sy soarget foar alle ombalingen. Skema's mei riders,

wedstrydformulieren, klearsetten fan materiaal en kontakten lizze mei de lieder fan de tsjinstanders.

Jacomien ûndersteunt my fierder mei it oanpakken fan de froulju. Hjir jout se my noch wolris in tip foar. En fierder is sy myn sparringspartner foar hoe 't wy bepaalde saken efkes oanpakke, dan oerlizze we efkes. Absolút in gouden liedster dy 't troch eltsenien fan it team wurdearre wurdt.

Dêrneist wol ik yn dit kader ek graach de rol fan Bertus Bootsma as grinsrjochter neame. Neist it flagjen hat hy ek underfining mei en doel oer it fuotbal. Hy kin de ploech al wat langer. Ik sparje foar, tidens en nei de wedstryd graach mei him.

Hoe is de tarieding fan de wedstryd by de froulju yn fergelyking by de mannen?

Ik tink dat ik mear struktuer en professionaliteit easkje, as de trainers fan de froulju hjirfoar. Ik behannelje de froulju net oars as dat ik mannen behannelje soe. Ik fyn dat je regels en struktuer dy 't by in teamproses jilde oanhâlde moatte, net yn oansjen nei it geslacht. Fansels merk je dat de fokus, oandacht miskien wat oars is dan by de mannen. Dit hat ek te krijen mei de leeftiid fan de froulju. Fierder tink ik dat froulju harren senuwen wat mear sjen litte, de wedstrydspanning is wol te sjen. Dizze groep is wol frolijk, mar ek snel ôfleiden. Ik hammerje wol op konsintraasje, fokus en tarieding nei de wedstriden. Ik bin hjiryn stjoerend by sawol in training as wedstryd. Lokkich pakke de froulju dit ek goed op.

Hienen jim foar dit seizoen in doelstelling?

Sa ja, ha jim dat wiermakke?

We ha yn it begjin fan dit seizoen by elkoar sitten en sille dit yn 'e winterstop ek wer dwaan. De doelstelling foar dit seizoen wie 'handhaving'. Foarich jier is de ploech promoveard, dit woenen wy fansels fêst hâlde. Mar boppe ferwachting fan ús allen, stean wy noch hieltiten boppe-oan.

Dit makket dat wy ynkoarten wer by elkoar komme om it oer de doelstelling fan de twadde seizoenshelte te hawwen. Hjir gean ik sels earst noch gjin útspraken oer dwaan, omdat ik earst de froulju hjiroer graach heare wol.



Brûksto saken/ynput/koaching fanút dyn eigen bedriuw 'We are ONE'?

It is wol dúdlik dat ik mei myn bedriuw 'We are ONE' ek in soad dwaande bin mei groepsprocessen en sjoch nei de krachten dy 't je benutte kinne. Dat is ek it útgangspunt fanút myn koachingsprinsipe. Minsken sels neitinke litte nei harren doelen en krachten. Dat minsken nei harren sels sjogge wêr 't sy goed yn binne. Op dy manier set ik ek spylsters op oare posysjes. It groepsproces bliuwt dêrby ek belangryk, hoe gean we mei elkoar om en hoe sprekke we elkoar oan?

We wolle graach professioneler wurde mei de froulju, mar it moat wol in hobby bliuwe. Sa moatte wy der wol wille yn ha. Dit is in prachtige kombinaasje om myn erfaring hjiryn te dielen mei de froulju fan VR1.

Bist sels noch fan doel te fuotbaljen?

Ik bin noch lid, dus ik hoopje al wer ris tsjin in baltsje oan te skoppen. Mar yn hokfoar hoedanigheid lit ik efkes yn it midden. Ik helje no in protte wille út it trainen. Ik sil altyd aktyf bliuwe yn it fuotbal, as dat no as spiler as trainer is... Beweging stiet foarop!

Wolst noch wat kwyd oan de Trefferlêzers?

Fansels wol ik eltsenien in noflikke kryst tawinskje. Dat we op gean nei in sportyf en súksesfol 2017!

Fierder wol ik noch wol kwyd dat ik it net allinnich doch. Wy dogge it mei syn allen. Sa sette Bote Strikwerda, Hendrik de Jong, Jacob Klaas Haitsma en Marco Rypkema harren ek yn foar dizze froulju. Dy jongens traine de froulju ien kear yn de 2 à 3 wiken. Dat is fansels ek wichtich foar de froulju, sadat se ek wat mei krije fan oare trainers.

Mark, tige tank foar dyn iepenheid en moaie wurden oer dyn ynset foar de froulju!

(TB)



Krystpuzzel

N	E	T	N	A	W	E	D	I	R	D	E	E	R
W	Z	L	I	P	U	P	S	K	I	L	L	E	T
I	I	N	I	W	E	D	S	T	R	Y	D	I	W
N	E	S	S	A	J	R	E	V	A	L	K	E	R
T	S	S	N	E	S	T	U	D	A	K	B	E	S
E	E	K	E	J	A	J	I	H	I	S	F	N	E
R	L	R	I	K	R	L	G	E	J	F	E	S	F
S	L	Y	N	A	R	N	T	O	E	K	P	I	S
K	A	S	G	T	O	E	P	R	E	S	F	R	B
O	O	T	E	P	R	N	T	O	A	A	T	V	S
F	K	B	U	U	N	E	R	A	O	I	N	U	J
T	S	E	G	M	E	B	N	E	R	K	N	P	M
K	N	A	B	O	B	A	R	S	O	I	S	E	J
E	A	M	M	A	R	G	O	R	P	T	S	D	S

BROEKENS
DUTSEN
FIFA
ING
JUNIOAREN
KLAVERJASSEN
KNVB
KRYSTBEAM
MUTA
MUTSE

PONHALDER
PROGRAMMA
PUPIL
RABOBANK
REEDRIDE
SDS
SEALTRAINE
SEKRETARIS
SIPKE
SKILLE

SKOALLESEIZE
SNERT
TIKKIETERUG
TOERNOAI
TREFFER
WANTEN
WEBSJOP
WEDSTRYD
WINTERSKOFT



Fansels dit jier ek wer in prachtige SDS-krystpuzzel. De oerblesune letters yn dizze wurdseker foarmje in wurd. Mail dizze nei DeTreffer@vv-sds.nl en je meitsje kâns op in prachtige SDS-sjaal dy't útrikt wurde sil op de SDS-nijjerssit op sneon 7 jannewaris. Graach de oplossing ynleverje foar 7 jannewaris.

Tarieding SDS 1 op twadde helte fan it seizoen

De trainer fan SDS 1, Marco Hoekstra, sil op tiisdei 3 jannewaris wer los mei SDS 1 as tarieding op de twadde helte fan it seizoen. De rest fan it programma sjocht der sa út:

Week 1		
Donderdag 5 januari	OFK te Franeker	20.15 uur
Zaterdag 7 januari	Onderling toernooi veld / nieuwjaarsborrel	
Week 2		
Dinsdag 10 januari	OFK te Franeker	20.15 uur
Donderdag 12 januari	Oefenwedstrijd thuis Scharnegoutum	20.00 uur
Zaterdag 14 januari	Grote partij en teamuitje	
Week 3		
Dinsdag 17 januari	Trainen	20.15 uur
Donderdag 19 januari	Trainen	20.15 uur
Zaterdag 21 januari	Oefenwedstrijd thuis Nijland	14.30 uur
Week 4		
Dinsdag 24 januari	Trainen	20.15 uur
Donderdag 26 januari	Trainen	20.15 uur
Zaterdag 28 januari	Oudehaske thuis	14.30 uur
	Zaalvoetbaltoernooi SDS ('s avonds)	
Week 5		
Dinsdag 31 januari	Trainen	20.15 uur
Donderdag 2 februari	Trainen	20.15 uur
Zaterdag 4 februari	Heeg uit	14.30 uur
Week 6		
Dinsdag 7 februari	Trainen	20.15 uur
Donderdag 9 februari	Trainen	20.15 uur
Zaterdag 11 februari	Willemsoord thuis	14.30 uur
Week 7		
Dinsdag 14 februari	Trainen	20.15 uur
Donderdag 16 februari	Trainen	20.15 uur
Zaterdag 18 februari	Griffioen uit	14.30 uur
Week 8		
Dinsdag 21 februari	Trainen	20.15 uur
Donderdag 23 februari	Trainen	20.15 uur
Zaterdag 25 februari	Oefenwedstrijd	
Week 9		
Dinsdag 28 februari	Trainen	20.15 uur
Donderdag 2 maart	Trainen	20.15 uur
Zaterdag 4 maart	Oefenwedstrijd AVC uit	14.30 uur
Week 10		
Dinsdag 7 maart	Trainen	20.15 uur
Donderdag 9 maart	Trainen	20.15 uur
Zaterdag 11 maart	WPB thuis	14.30 uur

Kees'Kollum; Servet!

Foardat je der erg yn hawwe sit je oan tafel mei in servet yn'e hannen wer in bont kryst-taferiel opstiet en dogge je nog in poging om de poedersûker fan je krús te heljen, dy by it iten fan de oaljebol wer alle kanten op fleach. Je witte al dat it net wurkjen giet mar de echte oplossing, in oaljebol sûnder poedersûker, bestiet net.



It servet is je hoop yn bange dagen en tsjinwurdich hast krekt sa grut as it tafelkleed sels. En hjir komt it ûnfermijdelijke bruggetje: retteketet AZ! AZ is it krystservet ûnder de fuotbalklubs. De tafel is net kompleet sûnder AZ. Je ferwachtsje dat se derby binne, eindigjend flak ûnder de top 3. En AZ is ek best bont: de klub stiet foar oanfallend fuotbal en levert as springplank hast jierliks spilers op foar de topklubs.

Op dit moment dringt de fergelyking mei Hearrenfean sich hjir no gefoelsmatisch oan en der falt wat foar te sizzen sjoen de stân op ranglist. Allinnich stiet Heerenveen al tsien jier lang drûch yn Europa en moat it mei Schaars it foar in grut part fan in AZ'er hawwe.

Dus noch mar wat reklame. Krekt as in servet poetst AZ sa no en dan ek mear fuort dan je ferwachtsje. It pakte Zenit St. Petersburg yn en is toch wer in ronde fierder yn Europa. Uteraard wie de lotting net sa dreech as dy fan Feyenoord, mar ek yn de jierren hjirfoar die bliken dat se dy poulefase wol faker troch komme kinne.

Tot sa fier it goeie nijs. Nei de prestatie tsjin Zenit kaam Feyenoord op fisite. We gienen der mar ris goed foar sitten. It stadion wie fol, de minsken benijd. Wat

**'It is alsof je in bus
poedersûker oer je krús
krije'**

folge wie 90 minuten efterút rinnen, efter de feiten oan. Feyenoord wienen de mannen, AZ gie braaf lizzen foar it baaske. Foar my wie dit in noviteit. Ferline jier waar Feyenoord mei 4-2 ferslein en joech AZ ek tsjin Ajax en PSV best goed thús. Hoewol ik my der earst noch oan ergere wie it yn it skoft al dúdlik dat it better wie je der mar by del te jaan. It kommentaar op de tribune wie dat soks derby heart by in klub as AZ. Van den Brom hie it oer in off-day. Ek sa'n heerlike doodoedener dy 't faker de kop op stekt yn it proffuotbal as dat je ferwachtsje soenen. Mar goed, op sich wie ik wol geneigd die analyse te folgjen en de nederlaach te akseptieren, toen flak dernei sein waard: "Tsjin Ajax soe soks nooit barre". Logika yn Alkmaar. It is alsof je in bus poedersûker oer je krús krijе.

(KA)

It NNRD OFK begjin jannewaris yn Frjentsjer

It jierlikse Iepen Frysk Kampioenskip sealfuotbal, it OFK, sil begjin jannewaris wer losbarste yn sporthal de Trije yn Frjentsjer. Foar SDS dogge de froulju dit jier ek wer mei. Neist Vr.1 docht der ek in ploegje âld-sealfuotballers mei en giet der in team fan SDS 1 hinne. De poulewedstriden wurde spile fanôf 19.00 oere. De finales binne op sneon 14 jannewaris.

SDS VR.1 (poule D1)

op moandei 9 jannewaris

Emmeloord
Hardegarijp
LAC Frisia 1883
Avanti 1
St. Annaparochie
Heerenveense Boys 2
SDS

SDS fjild (poule H11)

op tiisdei 10 jannewaris

sf Deinum
SDS fjild
WPB seal
St. Annaparochie(sneon)
Blauw-Wit (fjild)
zvv Krooster Boys

SDS-âld-seal(poule H13) op woansdei 11 jannewaris

DTD seal	vv Scharnegoutum '70
WWS	GAVC (fjild)
SDS seal	sc Stiens



beoefenje
Sport
oanmoedigje

hjirnei **bytanke**
by Titus

GERBRANDY
HEIBEDRIJF

is Geheid Heien!!!

It Stalt 19
8731 EA Wommels
Telefoon (0515) 333337
Fax (0515) 333211
Mobiel 06 - 53234548

Koart ferslach SDS-ledengearkomst 9 nov. 2016

*Foardat de ledengearkomst iepene wurdt troch foarsitter Willem Wijnia, wurdt der efkes stilstien by it ferstjêrren fan erelid fan SDS, Hendrik Boersma.

*Der binne 29 lju op de ledengearkomst ôf kaam.

*It ferslach fan 2015 is noch makke troch Gida Heerma, mar wurdt foarlêzen troch de nije sekretaris Anneke Gaastra en goedkard.

*Us PR-man Bauke de Boer lit witte dat der ynmiddels 49 sponserbuorden klear binne en der noch 9 moatte.

Ynmiddels binne it der noch 2. Dêrneist is Hinke Kuiper yn de PR-kommisje kommen as opfolgster fan Pep de Boer.

*Robert Schildkamp docht foar it lêst ferslach fan de jeugd. Hy wurdt no koördinator fan de JO15. As jeugdforsitter wurdt hy opfolge troch Tjerk van der Pol. Lourens van der Pol is yn de jeugdkommisje kommen foar it organisieren fan toernoaien. Der binne op dit stuit 20 jeugdteams. 17 jongens en 3 famkes. Der komme al wat minder jeugdleden by. Dit jier wienen der 10 minder as ferline jier. De gearwurking mei vv Scharnegoutum oangeande de JO19 wurdt as posityf erfaren.

*Der wurdt offisjeel fêstlein dat de €30.000,- dy 't SDS earder al oan de Skoalleseize jûn hat foar de oanlis fan it keunstgersfjild in gift betreft.

*Foar de lêste kear docht Willem Twijnstra ferslach fan de jildsaken. Baukje de Jong en Willem wurde opfolge troch Henk Postma.

*De kaskommisje, Theo Postma en Herman van der Weg, hawwe neat gekst fyne kinnen yn de finansjele administraasje en binne hiel tefreden. Boudewijn Kramer nimt it stokje oer fan Theo Postma.

*De kontribusje giet û.o. yn ferbân mei hegere ôfdrachten en omdat der ferline jier gjin ferheging wie mei 2 à 3% omheech en ôfronden op rûne bedragen. Foar yn dizze Treffer steane de nije bedragen. De leden giene hjirmei akkoard.

*By de bestjoersferkiezing wurdt ôfskie nommen fan Baukje de Jong, Willem Twijnstra, Tina Wiegers en Robert Schildkamp. Dizze wurde ferfongen troch Henk Postma, Anco Elgersma en Tjerk van der Pol. Pieter Kamstra nimt spitich genôch ek ôfskie as Technysk Koördinator. Dizze fakatuere stiet noch iepen.

*De Skoalleseize hat net folle nijs. Sy wachtsje û.o. op de útkomsten fan it RIVM oer de keunstgerskorrels. Folgend jier sille sy wer mei in finansjeel oersicht komme.

*As lêste is der de omfraach. It bestjoer fan SDS sil dwaande mei de folgende oandringen saken:

- Boudewijn Kramer soe graach sjen dat de stannen wer yn de gong fan de kantine komme te hingjen.

- Tjerk van der Pol soe graach sjen dat de kantine wat moaier oanklaaid wurdt.



- Enno Bruinsma freget nei it belied oangeande spilers fan SDS 2 dy 't net yn SDS 1 spylje wolle. Utlein wurdt dat de trainer fan SDS 1 bepaald wa 't der mei SDS 1 meigean. As ien wegert foar SDS 1 te spyljen dan kin it wêze dat degene foar in wedstryd skorst wurdt. Dit is besprutsen mei de spilers fan SDS 2.
- Robert Hoekstra soe graach sjen dat it lytse fjildsje wer tagonklik is foar bern om te fuotbaljen. De Skoalleseize wol it fjild foarearst rêst jaan oant maart.
- Marco Hoekstra soe graach sjen dat der op de ledengearkomst wer mear oer fuotbaljen praten wurdt ynstee fan oer sifers.
- Dirk-Yde Sjaarda sjocht út nei de aktiviteiten fan de nije aktiviteitenkommisje.
- Dirk-Yde is benijd hoe 't it komt mei de nije ideeën fan de KNVB en hoe dit praktysk oplost wurde sil by SDS. Om 't de KNVB pas yn jannewaris mei harren definitife plannen komt wachtet SDS dit efkes ôf. Foar SDS sil it sawiesa betsjutte dat der net hiel folle teams bykomme.
- Hendrik de Jong sjocht út nei in goeie gearwurking tusken SDS 1 en 2.
- Robert Schildkamp jout noch efkes oan dat der ynfestearde wurdt yn de kwaliteit fan trainers en leiders by SDS. Sa is der in KNVB-kursus west. Om 22.20 oere wurdt de gearkomst slúten.

Anneke Gaastra-Wierenga
sekteraris vv SDS



*VOOR AL UW SCHOONMAAK
WERKZAAMHEDEN, zoals:*

- GLAZENWASSEN
- SCHOORSTEENVEGEN
- GOTEN LEEGHALEN en
SCHOONMAKEN
- ONDERHOUD en SCHOONMAKEN
van GEBOUWEN en NIEUWBOUW



M. Sijszeling's
Schoonmaakbedrijf
v.o.f.

Oosterend - Wynserdyk 39
Telefoon 0515 332279

Technisch Installatiebedrijf FA. D. VAN WIEREN

*Het adres voor aanleg
en onderhoud van:*

Dakbedekkingen - Zinkwerk

Gas - Water

CV - Sanitair



Terp 29, 8731 AX Wommels
H. Baarda, Lollum, Tel. (0517) 469157

SDS-Klean



Wolle je ek yn SDS-klean rinne of in moaie SDS-tas of sa bestel dit dan op ús webside www.vv-sds.nl en druk op:



Dit is der allegear te krijen:

SDS-tas: €33,-

SDS-rugzak: €31,-

SDS-trainingspak: €42,-

SDS-trainingsbroek: €25,-

SDS-trainingsbroek kort: €18,50

SDS-sweater: €25,-

SDS-midjack: €47,50

SDS-trainingsshirt dry-fit: €21,50

SDS-polo: €21,-

SDS-hooded sweater €32,-

SDS-hooded damesvest €32,-

Op fersyk fan SDS leden kin der no ek losse trainingsbroeken besteld wurde.

Binne jim fan plan noch SDS klean te keapen, skilje dan efkes nei:

Douwe Dirk Reitsma(332500), want SDS hat wat SDS-klean op foarrie.

Hjir kin efentueel ek past wurde.



SDS-sjaals

Der binne ek SDS-sjaals te krijen.

Sy koste €12,- en binne sneons te krijen yn de kantine en by

Douwe-Dirk Reitsma:

Tel: 332500

of mail nei

douweenjetreitsma@hetnet.nl



Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan: Jelle Tiede Vellinga	
Namme	Jelle Tiede
Berne	21-04-2007
Yn Wommels, Easterein as....	Boalsert
Skoalle	It Fûnemint
By SDS sûnt	2014
Team	JO11-3
Gjin fuotbal, dan...	Mei myn freonen boartsje
Favorite klup Nederlân	SC Heerenveen
Favorite klup bûtenlân	FC Barcelona
Beste trainer	Douwe Jan & Kevin
Beste fuotballer yn Nederlân	Jeremiah "Jerry" St. Juste
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Messi
Favorite fuotballer SDS	Tsjipke Klaas Okkema
Beste keeper	Jorrit Stap fan JO11-3
Favorite posysje	Centrale ferdediger
Sterkste punt	Bal ôfpakke
Swakste punt	Sjitte
Moaiste stadion	Abe Lenstra Stadion
Idoal	Jeremiah "Jerry" St. Juste

Hichtepunt	Kampioen mei F3
Djiptepunt	Yn F1 ferlearen we alles
Moaïste goal	Yn de JO11-3 yn de krúsing, dernei krygen wij patat thús
Skoudertriuw as tackel?	Skoudertriuw
Boas om	As de skeids ferkeard fluitet
Flinters yn de búk fan	Reedride
Tillevysje	Lachen om homevideo's
Muzyk	Fan heitie, Sebeare
Lekkerste iten	Patat
Minst lekkere iten	Champignons
Bakje patat of broadsje sûn?	Bakje Patat
Drinken	Cola
Spulkompjoeter of bûten boartsje	Bûten boartsje
Favorite game	The Crew op PS4
As ik skoar dan fier ik dat sa....	Dan ite wij altyd patat
Kampioen Earedivykje 2016/2017	SC Heerenveen
Cambuur of SC Heerenveen?	SC Heerenveen
Moaïste sjurt	SC Heerenveen
Leljkste sjurt	SC Cambuur
Fuotbalskuon	Kipsta
Rjochts of lofts?	Rjochts
Gers of keunstgers?	Gers, dan kin ik better fuotbalje
Sinterklaas of de krystman?	Sinterklaas
At ik letter grut bin dan....	As it lukt proffuotballer
Wolst fierders noch wat kwyf?	Ik hoop dat we kommand jier kampioen wurde mei JO11-3

SDS -Look-a-likes(17)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútser, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffer@vv-sds.nl
Dizze kear in hiele spesjale 4-yn-1-SDS-look-a-like mei tank oan Jaap Toering.

De lieding fan SDS 1: Foeke Reitsma(fersoarger), Floris Hiemstra(lieder), Marco Hoekstra(trainer) en Robert Hoekstra(ass.-trainer) as stokstaartjes:



Brouwers Schilders

Tel. 0515 - 333 672
Mobiel 06 - 51 40 40 69

WWW.BROUWERS-SCHILDERS.NL

**GENIET VAN BROOD
EN MEER....**

**PUUR
GENIETEN!**



**Posthuma
De Echte Bakker**

**Wommels Bolsward
Sneek Scharnegoutum**

In fruitmandsje bringe by Elger Turksma

SDS 1 moat it al in tydsje stelle sunder Elger Turksma. Hy kin sneons net fuotbalje, mar wy sjogge him wol drok dwaande mei fysiotherapeut yn oplieding Foeke Reitsma. Wat skeelt Elger en sjogge wy him nei de winterstop gau werom?



Wêr hast lêst fan?

Fan myn ankel, de ankelbannen binne een lyts bytsje ynskuord.

Hoe hast dat sa krigen?

Yn de wedstryd thús tsjin QVC kaam ik nei in kopduel ferkeard terjochte op myn fuot wêrtroch ik troch myn ankel gie.

Fernaamdest lyk dat it mis wie?

Ik wist direkt dat it goed mis wie. Ik baalde ek goed, want ik soe dy jûn noch mei Freek en Martin op stap yn Gouda. Dat is ek allegear wol trochgien mar it gie net fan herte. Dat rissultearde ek yn in dikke olifantepoat dy nachts.

Do probearest wol alle trainingsjûn mei Foeke te trainen.

Betsjut dat dasto ynkoarten wer fuotbalje kinst?

Sawisa is traine nooit ferkeard, ek net as je in blessure hawwe. Oan de oare kant is it ek wer sa no je net mear fuotbalje, sitte je op freedse ek wol is gau ris efkes en sitte je sneons al wat earder. Dat rissultearde net yn in al te beste kondysje. Dus it is ek de kondysje (wat ik net ha ;)) wat ûnderhalde. Ik gean der fanút dat ik nei de winter wer oanslúte kin by de normale trainingen.

Giest fierder ek noch nei de fysio of sa?

Fierder sit ik ek nog by Wytske, de fysiotherapeute fan Topfysio yn Wommels. Derneist bin ik op dit moment op revalidatietraining yn Cuba, mei twa âld-SDS'ers Hjalmar Ruiter en Martin Rienstra. Sa as it no liket binne wy foar de kryst dagen al 10 kilo oankaam, lit stean hoe we der nei de feestdagen utsjogge. Ik tink dast my dan oer it fjild fan SDS rolje moast.

Wat mist it meast no asto net fuotballest?

It measte wat ik mis is gewoan it hiele spultsje. Lekker mei de bal dwaande. Gewoan lekker efkes fuotbalje, wêr foar je yn earste ynstansje op fuotbal sitte.

Wy hoopje dy gau wer yn it fjild te sjen! Betterskip!

En de groetnis oan Hjalmar en Martin fansels!

(WW)

SDS-League



Stand	Vorige stand	Naam team:	Naam:	Week 9	Week 10	Totaal	Prijzen
1	1	Ajarnox	Bas van der Wey	37	47	354	€ -
2	4	Salestijgers	Ayanle Barkat	35	53	338	€ 12,50
3	2	Torpedo Toering***	Jaap Toering	26	35	335	€ -
4	9	Hey Ho Let's Go	Willem Wijnia	41	52	331	€ -
5	6	Frysk bloed tsjoch op!	Sjoerd van Beem	36	40	323	€ 12,50
6	7	Jelsmanian Devils	Jan Simon Jelsma	28	42	323	€ 12,50
7	11	ArBEr	Johan Delfsma	20	44	319	€ -
8	8	Postmeister	Jelmer Posthumus	30	38	317	€ -
9	5	Kwast	Erik Haitsma	37	30	315	€ 12,50
10	12	Algemeen Fons	Sjoerd Rispiens	27	43	315	€ 12,50
11	3	FC sTeun Wiebe!	Wiebe en Teun Heeres	43	22	314	€ -
12	20	Better wurdt it net	Stefan van der Velde	25	51	313	€ -
13	21	Rockin' in the Free World!	Lolke Hofstra	30	51	313	€ -
14	15	Wollah a Sagghi	Lourens, Piter en Tjerk van de Pol	25	44	312	€ -
15	10	Jacobs Kaas	Jacob-Klaas Haitsma	21	32	308	€ -
16	17	FC Boekelaar	Klaas-Bouke Faber	37	44	307	€ -
17	13	Op nei de Top	Marten Faber	35	35	306	€ -
18	24	Bla bla blafke	Ate Feike de Boer	47	46	305	€ 12,50
19	25	Marije & Eeltje	Marije & Eeltje	35	46	304	€ 12,50
20	14	Dopper Fles FC	Sytze Koolstra	31	33	303	€ -
21	23	Net tefolle DWOkte!	Durk Okkema	28	43	302	€ -
22	18	Frysk damjen is oars	Jelle Wiersma	44	36	299	€ -
23	19	Ben jij een Pröpper of een vouwer?	Jesse van der Weide & Sjoerd de Vries	17	35	297	€ -
24	32	Strikkies United	Bote en Jort Strikwerda	16	46	295	€ -
25	27	Jústum! Dat bedoel ik nou!!	Tom Wijnia	37	41	294	€ -
26	35	Brouwerpower	Jelmer Brouwer	13	47	290	€ -
27	33	Harm & Vera	Harm-Auke Dijkstra	17	41	289	€ -
28	16	De Supersubs	Dirk de Jong	28	21	288	€ -
29	28	Jos Brinkie	Dirk Stegenga	27	37	288	€ -
30	22	Hiemstra Power	Marrit, Niels en Jörn Hiemstra	7	27	287	€ 25,00
31	31	BEERCHIPS FTW	Igor Kalinowski	30	35	286	€ -
32	38	FC De Tsjeardeaders	Tjeerd de Vries	31	42	284	€ -
33	29	CD Guadalajara	Pieter Kamstra	27	32	283	€ -
34	36	SDS V.r.1	Mark Postma	20	40	283	€ -
35	40	Jodan Boys	Jeroen Brouwer	20	44	282	€ -
36	43	Jimbar	Anne Brouwer	36	46	282	€ -
37	44	Skobberdebonk	Dooitze Nauta	36	46	282	€ -
38	37	Ghohoezechjejdhad	Ids de Boer	21	37	280	€ -
39	47	Jelte Heine Hitzert FC	Broer-Jacob Greidanus	28	44	278	€ -
40	48	Happy Feet	Emke & Habtamu de Hoop	33	44	278	€ -
41	39	Jacob kin net fiskje	Jan Friso Bruinsma	37	37	277	€ -
42	30	Op nei de Coolsingel	Dirk-Yde Sjaarda	28	25	276	€ -
43	26	FC Natrap	Marco Rijpkema	18	20	275	€ 12,50
44	34	BEERCHIPS	Martijn Robin Rispiens	34	30	274	€ -
45	42	FC Jan Pipo de Clown	Hendrik de Jong	35	31	268	€ -
46	41	Klein bedrag pinnen mag: G.J.I.J.E.,J&J.	Eeltje Postma	29	26	264	€ -
47	45	Geneuzel in de marge	Hendrik Engbrenghof	18	27	262	€ -
48	53	Fatoo La Coruña	Allert Turksma	30	41	258	€ -
49	49	Afkomen J.E.I.D.JK.J.E.	Gert-Jan Hessels	26	24	254	€ -
50	50	Bulder	Jan Mulder	22	27	253	€ -
51	46	Pretpakket	Tjeerd de Vries en Dirk Stegenga	28	16	251	€ -
52	51	OZZYhaas	Hendrik Eringa	16	26	251	€ -
53	55	FC De Rick van de kaktus	Rick Hendriks	21	40	251	€ -
54	52	Dr. Oetker	Foeke Reitsma	37	27	250	€ -
55	56	Hakim Sytsma	Pieter Sijtsma	25	38	241	€ -
56	57	Gjin wurk fan	Aant Hofstra	39	37	240	€ -
57	60	Tattoooboy	Boudewijn Kramer	24	40	236	€ -
58	59	FC Hallema	Arjan Hallema	10	36	233	€ -
59	54	Ricky Langkous	Jan-Friso Bruinsma & Rick Hendriks	27	20	232	€ -
60	58	Eendracht maakt macht	Gert-Jan Hiemstra	-1	26	224	€ -

Dit is de ien nei lêste stân fan de SDS-League. Op de nijjerssit op 7 jannewaris sille wy heare wa 't it úteinlik wûn hat.

Ut in âlde Treffer

35 jier lyn , doe wie it 1981. Wij seagen efkes yn de Treffer fan desimber 1981: De ledengearkomst hie krekt west en krekt as al dy jierren dêrfoar en dêrnei kamen der doe ek wer fragen , opmerkingen en tips .

Koarte tips fanút de fergadering:

- a op de oefenhoek gjin fuotbalskuon! (De Wit)
- b wês dochs wat suniger op de ballen ! (De Wit)
- c it SDS-tenu liket bij sommige spilers wol in "ratjetos"
- d der moat wer mear "bestuurspraak" yn de Treffer
- e de standen moatte yn it hokje , dat oan de klaaiboks hinget.
- f de bern moatte it fjild yn Wommels net sa ferniele (de goals)
- g yn de ferslaggen fan wedstriden moatte net allinne de nammen fan de doelpunTERS neamd wurde. De oaren dogge ek mei...
- h it shirt fan SDS² bliuwt fansels wyt, mar dan in bytsje oars...

En der wie in jeugdkrysttoernooi, wêr't de folgjende spilers oanmeidiën. Binne der noch aktive fuotballers bij SDS bij op dit momint?

<u>Heerenveen.</u>	<u>Cambuur.</u>
J. Drost.	S. Haakma.
A. Eisma.	M. Haagsma.
E. Walstra	H v.d. Woert
<u>D.W. Okkema.</u>	R Sieperda.
A. Gerlofs.	H. Jellena.
B v.d. Brug	W. Klooster
H. Hoekstra	J. Orsel
A. Posthuma.	X Eisma.
<u>S.D.S.</u>	<u>Groningen.</u>
<u>T. Okkema.</u>	S. Schoon.
D. Kroondijk	P. Klooster
pen Bootma. G.	<u>G. Bruinsma.</u>
R. Schuyff	<u>T. Stuiver</u>
E. Naarsma.	J. de Jong.
A. Harkema.	C. Langerak
R v.d. Velde	H v.d. Weg
A. Bos.	R. Rienstra.



.....
Poule A. A.Z. 67 Feyenoord. P.S.V.

F.Albada.	T.Bergstra.	H.Bootsma.
G.Terpstra.	J B de Boer	J.Zigterman
<u>R.Reijnsma.</u>	<u>R.Smeding</u>	<u>L.Smit</u>
A.Hiemstra.	W.Faber	<u>K. de Jager</u>
H.Tjalsma.	F.Boschma.	D v d Eems
H van Osch	H Wiersma.	J G Lolkema
T.Posthumus.	N.Schuyff	J.Smink
M van Woert.	B.Delfsma.	D.Klijnsma.

Poule B. Utrecht. Twente. Ajax.

T.Gaastra.	<u>H.Mannema.</u>	<u>S.Jellema.</u>
S v.d. Werf.	J.Andela.	<u>Kl.Hingat.</u>
J Wijnia.	J Zijlstra	M v Antwer
<u>F.Hiemstra</u>	T Hoekstra	F Kuiper
J.Boonstra	L Flapper.	A Faber
E Wiersma.	E Wenzel.	E.Bonnema.
H.Tacoma.	B.Terpstra	P.Sybesma.
E v.d. Valk.	M Rheinhoud	G.Faber

En der wie in oprop foar mear frijwilligers,
 dy't mar útkieze koene wat se graach dwaan
 wolle.....



in groepke jeugd
 traine; sleatten
 hekkelje, beammen
 snoeije, tegels yn
 de klaaiboks mit-
 selje, ride mei in
 âlvetal, fluitsje,
 flachje, donateurs-
 jild ophelje, op de
 bazar wêze, ensfh.


**Sjoch foar al it aktuele
 SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**

Doelpunten

Sa healwei it seizoen binne der 134 doelpunten op eigen krêft en mei eigen feardichheden makke troch de seniore-alvetallen. Der binne 37 spilers/spylsters dy't skoard hawwe en foar in oantal is dat de earste yn de senioren fan SDS. Wij kinnen no al stelle dat foar 36 doelpuntenmakers lestich wurde sil om noch earste te wurden yn dit klassemint. Tjitske Heeres giet fier oan kop yn in ploech dy't goed draait. Mar leafst 9 froulju steane yn de list. Jelmer Posthumus docht it as spits fan it flaggeskip fan SDS ek prima mei al 10 doelpunten. Fansels komme wij de bekende nammen tsjin fan guon dy't altyd wol skoare yn in seizoen.

	1	2	3	4	VR1	
Tjitske Heeres					23	23
Jelmer Posthumus	10					10
Tjeerd de Vries		8				8
Amarins Tjalsma					7	7
Pieter Kamstra		6				6
Feite de Haan		6				6
Ewout de Boer	2	3				5
Wietse Fopma		3	2			5
Ayanle Barkat		1		4		5
Sieta Tessemaker					5	5
Robert Sijbesma			5			5
Henk Postma			4			4
Dirk de Jong		4				4
Jeska Terpstra					4	4
Harm Auke Dijkstra			3			3
Eeltje Postma				3		3
Wichard Deinum			2			2
Bote Strikwerda		2				2
Erik Haitsma	2					2
Akke Rixt Sijssling					2	2
Allert Turksma			1	1		2
Pieter Sijtsma	2					2

Tseard Verbeek				2		2
Lourens van der Pol	2					2
Ruun Ogoni				2		2
Agnes Posthumus					2	2
Peter Hoogerwerf			1			1
Ralph Wariman		1				1
Marco Rijpma	1					1
Jelte Hitzert				1		1
Jorrit Veltman				1		1
Janieke Dijkstra					1	1
Doede Douwe Koopmans				1		1
Hester Kingma					1	1
Alissa Veenje					1	1
Tijpke Klaas Okkema	1					1
Stefan van Krimpen		1				1
	20	35	18	15	46	134



Aginda

Wannear?	Wat ?
26-des.	Foarrondes en finales Krystsealtoernoai Frjentsjer
30-des.	KNVB-Krystsealtoernoai foar JO15
31-dec	Âldjiersdeisealfuotbalje yn de sporthal
7-jan.	Nijjiersresepsje SDS mei Sipke de Boer, klaverjasse, in rûntsje rinne en in ûnderling fuotbaltoernoai.
7-jan	SDS-sealtoernoai foar de JO-11(de 'E's')
7-jan	SDS-sealtoernoai foar de JO-13(de 'D's')
5-12-jan.	Foarrondes OFK yn Frjentsjer
12-jan	Oefenwedstryd: SDS 1 – Scharnegoutum 1
14-jan	SDS-sealtoernoai foar de MO-13/15 (de famkes 'C's'en 'D's')
14-jan.	Finales OFK yn Frjentsjer
21-jan	SDS-sealtoernoai foar de JO-15(de 'C's')
21-jan	Oefenwedstryd: SDS 1 – Nijland 1
28-jan.	SDS 1 – Oudehaske 1
28 jan.	SDS-sealtoernoai foar senioaren, sealfuotballers en JO-19!
4-feb.	SDS-sealtoernoai foar de JO-17(de 'B's')
4-feb.	Heeg 1 – SDS 1
11-feb.	SDS 1 - Willemsoord 1
18-feb.	De Griffioen 1 – SDS 1
4-maart	Oefenwedstryd: AVC 1 – SDS 1
11-maart	SDS 1 – WPB 1
18-maart	QVC 1 – SDS 1
25-maart	SDS 1 – Oeverwaluwen 1
1-april	SDS 1 – DWP 1
22-april	Keepersdei by SDS



De Trefferredaksje winsket jimme noflike krystdagen en in sportyf 2017 ta!



Wy wolle Bauke en Sjoerd by dizze tige tank sizze foar harren
ynset en kreativiteit foar de Treffer de ôfrûne jierren!



Dat betsjut allinnich wol dat wy op syk moatte
nei nije redaksjeleden.....

Sjochsto it sitten mei dizze lju in trui te dielen
en fynst it leuk om te skriuwen en SDS'ers te
befreegjen?

As kinste immen?
Jou dan in namme troch by Willem!



Mei syn allen binne wy SDS!

